

## Bûter yn 'e brij

Tony's itensieden raasde oan de protters. It geastlike foer wie tink belangriker. It wie yn 1990 dat ik mei Jabik Veenbaas en Tony yn de advyskommisje siet fan de dr. Obe Postmapriis, dat kear takend oan Douwe Tamminga, foar syn Hollânske oersetting fan de gedichten fan Gysbert Japicx.

Tony wenne in Grou, Jabik yn Amsterdam en ik yn Meppel. Dat wy reizigen ombeurten nei dy trije plakken en makken der knappe sesjes fan. En om't Jabik en ik de earste twa kear foar in lekker miel iten soargen, hie Tony leau 'k it gefoel dat sy ek wat op 'e tafel sette moast. Yn alle gefallen raamde se wat yn 'e keuken om. Sa te sjen gong der wat moal en wat molke yn in lytse panne en dat wie it. In soarte fan potstro like it. Wy dienen ús bêst, mar dy kliber wie net te iten. Dat ik wie o sa bliid dat Jabik op in bepaald stuit frege: 'Frou Feitsma, hawwe jo meskyn ek wat sûker en in klûntsje bûter?'